

It brûken fan Lústertaal yn de praktyk

Jan D. ten Thije, Emmy Gulikers en Karen Schoutsen

Oanlieding

De Universiteit Utert hat yn opdracht fan de Nederlânske Taaluny ûndersyk dien nei it brûken fan Lústertaal yn de sektoaren bou, sûnensoarch, en it ûnderwiis yn Nederlân en Flaanderen (sjoch Luistertaal.nl en taalunie.org). Lústertaal hâldt yn dat petearpartners beide in oare taal prate, mar inoar ferstean om't sy oer foldwaande reseptive feardichheden yn de taal fan de oare beskikke. De **Taaluny** wol it brûken fan Lústertaal graach stimulearje as in leechdrompelig en effektive wize om ta in twasidich begryp te kommen yn meartalige sitewaasjes. Mei Lústertaal kinne minsken harren uterjen bliuwe yn ien taal, wylst sy ek in oare taal better leare te behearskjen.

Undersykfraach en – metoade

De haadfraach fan it ûndersyk liedt: 'hoe wurdt der mei meartaligens omgien yn de maatskiplike sektoaren bou, sûnensoarch en ûnderwiis? En hokker rol spilet Lústertaal hjiryn?' Hjirby binne ek oare saneamde *communicatieve modi* en kommunikaasjemiddels yn kaart brocht dy't yn 'e mande mei Lústertaal brûkt wurde, wêrûnder tolken, skriftlike oersettingen en piktogrammen. Fierder is der sjoen hoe't taalûntjouwing en taalbelied ynfolle is yn de trije sektoaren en oft it prinsipe fan Lústertaal dêr in ûnderdiel fan útmakket. As methodology is der buro-ûndersyk útfierd en binne der djipste-ynterviews ôfnommen mei respondinten út de trije foarname sektoaren.

Besteande praktiken mei Luistertaal

Yn de **bou** wurdt Lústertaal benammen yn formele gearkomsten brûkt; yn Nederlân mei it Nederlânsk, Dútsk en Ingelsk en yn Flaanderen foaral mei twa Belgyske lânstalen: Nederlânsk en Frânsk. Lústertaal blykt yn de bou goed te wurkjen yn kombinaasje mei non-ferbale kommunikaasje, lykas gebearten. Yn de **soarch** blykt Lústertaal goed te wurkjen yn formele gearkomsten fan sikehûspersoneel. Luistertaal wurdt ek kombinearre mei in tolk (sawol formeel as ynformeel) of mei in saneamde ynterkultureel bemiddeler yn petearen mei pasjinten. Lústertaal blykt in goed helpmiddel om kultuersensitive soarch te ferlienen. Yn it ûnderwiis is Lústertaal benammen in opstap nei it produktif learen fan in twadde of frjemde taal. It brûken fan Lústertaal kin ek de sprekeangst yn in oare taal ferminderje. Yn sawol 't it **ûnderwiis** as yn de soarch blykt it brûken fan Lústertaal in wichtich middel om gefoelens en emoasjes uterje te kinnen.

Mear mooglikheden foar Luistertaal

Yn organisaasjes en ynstellingen binne der net altyd konkrete ôfspraken oer de talen dy't hanteare wurde. Lústertaal wurdt dêrom fral ad hoc tapast. Neffens guon dy't ynterviewd binne soe it helpe om mear Lústertaal en oare kommunikaasjemooglikheden fêst te lizzen yn taalbelied. Tagelyk bestiet der yn de ûndersochte sektoaren wol konkrete inisjativen dêr't it prinsipe fan Lústertaal ienfâldich op oanslute kinne soe. Sa kin Lústertaal yn de bou posityf bydrage oan feiligens en kwaliteitsoarch, yn de sûnensoarch oan begryplikens en sûnensfeardichheden en yn it ûnderwiis oan wolbehagen en learen.

Oanrikkemendaasje

Guon dy't ynterviewd binne neame sawol behinderings- as suksesfaktoaren dy't oan it brûken fan Lústertaal ferbûn binne. Op basis fan dy faktoaren hawwe wy in oantal algemiene sektor-oerstiigjende **hânfetten** opsteld foar in suksesfol brûken fan de Lústertaal yn de praktyk (sjoch fierderop). It is oan te rieden om it brûken fan Luistertaal wiidweidiger ûndersykjen te bliuwen, dat jildt ek yn oare sektoaren en oare (Europeeske) lannen. Dêrneist is der mear bewustwêzen nedich dat Lústertaal in opsje is neist oare *communicatieve modi*. Om de bekendheid en tapassing fan it prinsipe te fergrutsjen, kinne praktyske Lústertaal-treningen ûntwikkele wurde. De lêste oanrikkemedaasje giet oer it ynrijochtsjen fan **proefprojekten**, bygelyks yn grinsregio's, om te ferkennen hoe't Lústertaal in bydrage leverje kin oan wurkgelegenheid en ekonomy. Sa kin ien mei foldwaande reseptive feardichheden yn in taal al mei in baan begjinne. Yn 'e tiid dat ien de produktive feardichheden yn dy taal stadichoan byskaafd.

Praktyske hânfetten foar it brûken fan Lústertaal

Tarieding

- **Taalbelied.** Untwikkelje yn in organisaasje in taalbelied en nim Lústertaal en oare *communicatieve modi*/ kommunikaasjemiddels dêryn op (tink oan tolken, skriftlike oersettingen, fideo's, piktogrammen en gebearten).
- **Talerepertoire.** Bring yn kaart hokker talen en/of taalfariëteiten oanwêzich binne en sprutsen wurdt en wat de mooglikheden binne foar Lústertaal.
- **Ofspraken.** Meitsje oan it begjin fan in petear ôfspraken oer hokker talen en/of taalfariëteiten hantearre wurde sille. By in bewuste kar foar Lústertaal is it wichtich om dêroan fêst te hâlden en oaren dêroan te werinnerjen.
- **Peteartema's en foarkennis.** Hâld rekken mei it peteartema en de tahearrende mienskiplike foarkennis en ûntjouwing.
- **Foardielen.** Eksplisearje foar alle peteardielnimmers wat de foardielen fan it gebrûk fan Lústertaal wêze kinne, lykas dat ien him it bêste uterje kin yn de eigen taal en tagelyk wurkje kin oan de behearsking fan in oare taal.



Utfiering

- **Taalgebrûk.** Artikulearje by it brûken fan de Lústertaal altyd rêstich en dúdlik. Wês dy bewust fan it brûken fan kompleksere wurden en sinnen.
- **Kontrolearje it begryp byinoar.** Kontrolearje ûnder petearen regelmjittich oft elk inoar foldwaande ferstiet en begrypt.
- **Kar foar oare kommunikaasjemooglikheden.** Meitsje in goed trochtochte kar foar oanfoljend gebrûk fan in oare *communicatieve modi* en helpmiddels. Meitsje út hokker alternative kommunikaasjemooglikheden der binne as it bliken docht dat Lústertaal dochs net goed wurket, lykas it hantearjen fan ien fiertaal.
- **Talige en kulturele ferskillen.** Stean iepen foar ferskillende talige en kulturele achtergrûnen en hâldt rekken mei mooglike ferskillen yn wurdskat of (fak)terminology.

Evaluaasje

- **Refleksje en evaluaasje.** Reflektearje op de kommunikaasje en op mooglike ferbetterpunten. Soargje foar periodike evaluaasje fan de praktyk omtrint de Lústertaal yn it ljocht fan taalbelied, de talige kompetinsjes fan wurknimmers, it rekrutearjen, wurkferdieling, teambuilding en it oanbod fan trainingen.